

SKRIFTLIKE FRAGEN, ex artikel 42 Reglement van Orde

Rjochte oan DS / lid DS	Sander de Rouwe
Ynliedende taljochting (fakultatyf)	<p>Stipe koroana-maatregels</p> <p>Regionale ekonomy en it stimulearjen dêrfan is ien fan de kearntaken fan de provinsjes. Yn Fryslân is it MKB in grutte sektor, dy't yn it belied ek al jierren omtinken kriget en dy't de nedige stipe krijt.</p> <p>Op dit stuit hawwe ûndernimmers te krijen mei de koroana-maatregels en kompensearjende stipe-pakketten út de Ryksoerheid wei. Dêrneist hat de provinsje syn eigen pakket. De FNP-fraksje krijt op dit stuit in soad sinjalen dat de lanlike stipe-pakketten net foldogge, net oanslute by de lytsskaligens fan it bedriuwslibben yn Fryslân en dat de kritearia te strang binne om yn oanmerking te kommen. Ut streekrjochte kontakten mei sawat 40 ûndernimmers hat ús dat bliken dien.</p> <p>It giet ûnder oare om de 'Tegemoetkoming Vaste Lasten' (TVL). Jo moatte minimaal € 3000 fêste lêsten yn de moanne hawwe wolle jo yn oanmerking komme. De 'partnertoets' (ynkommen fan >€ 1500 fan de partner) by de TOZO-regelingen soarget der ek foar dat in soad ûndernimmers bûten de boat falle. De NOW-regelingen (85% kompensaasje fan leankosten) wurde fansels op priis steld, mar troch de doer fan de krisis wurdt de situaasje nipend en sille hieltyd mear wurknimmers ûntslein wurde. Begjinnende ûndernimmers kinne al hielendal dreech oan kompensaasje komme, om't hja krekt foar of oan it begjin fan de krisis noch gjin omset draaiden.</p> <p>Dêrneist wurdt ek kritysk sjoen nei it eigen Fryske koroana-pakket. Wat hawwe ûndernimmers yn de hoareka oan in barista-trening of kursus enerzjybesparing as jo net iens ynvestearje kinne en de jildstream oprûget?</p> <p>Wy freegje ús ôf oft it Kolleezje dizze sinjalen ek krijt en hokker aksje DS dan dwaan sille rjochting polityk-Den Haach om ûndernimmers yn Fryslân te helpen. De FNP is fan betinken dat op koarte termyn aksje nedich is en hat dêrom in tal fragen.</p>
Fraach / fragen	<ol style="list-style-type: none"> 1. Is it Kolleezje bekend mei (boppeneamde) sinjalen dat it benammen foar it MKB yn Fryslân dreech is om oan de kritearia foar de lanlike stipe-pakketten te foldwaan? En dat in soad bedriuwen it dêrtroch dreech hawwe? Binne jim it mei ús iens dat de kâns oanwêzich is dat jierrenlange ynset fan de provinsje foar it eigen MKB no teneate dien wurdt? 2. Wat sille DS dwaan yn de lobby en kontakten mei regear en Twadde Keamer om de kompensaasje-pakketten better oanslute te litten op de lytsskaligens fan it MKB yn Fryslân?

	3. Is it Kolleezje ek dwaande mei de evaluaasje fan de besteande, eigen regelingen (Frysk koroana-pakket)? Sa ja, hawwe jim, yn oerlis mei de sektoaren, al ferbetterpunten konstatearre om better oan te sluten by it ferlet? Sa ja, kinne de Steaten fan Fryslân dy krije?
--	--

Yntsjinner(s)	(fraksje / namme / hântekening) FNP Sybren Posthumus
---------------	--

Datum	3 febrewaris 2021
-------	-------------------